

Liturgy

4e snein nei Epifanie

2 febrewaris 2025

Sint Janstsjerke Deinum



Foargonger:

Ds. Jurjen Hilverda

Oargelist:

Ruurd Salverda

Lektor:

Tineke Reitsma

Oargelmuzyk foarôf (*mei oandacht foar liet 691*)

Wolkom en meidielings

(We gean stean)

VOTUM

f. *Yn 'e namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast.*

g. Amen

GROET

f. *Genede en frede mei jim jûn wurde fan God ús Heit en fan Jezus Kristus, de Hear.*

g. Amen

BEMOEDIGING

f. *Ús helper is de Heare*

g. dy't himel en ierde makke hat

GEBED FAN NEIERKOMMEN

Liet 283 'Yn 'e mannichte fan lûden'

(We gean sitten)

KYRIE

Glorialiet: liet 713 : 1, 2, 3f, 4m, 5 'Godlof wy moatte sjonge'

~ DE HILLIGE SKRIFT ~

GROET

f. *De HEAR sil by jim wêze*

g. De HEAR sil jo bewarje

GEBED FAN 'E DEI

Profetenlêzing Jeremia 1,4-10 (*lector*)

4Ik krige dit wurd fan de Heare:

*5Ear't Ik dy foarm joech yn 'e memmeskurte,
haw Ik dy derút kend;*

*eardatsto út it memmeliif kaamste,
haw Ik dy al wijd*

om profeet foar de folken te wêzen.

*6Mar ik sei: Och God, myn Heare, wier, ik bin gjin man fan it wurd, ik bin noch
mar in jongfeintsje. 7De Heare sei lykwols tsjin my:*

*Sis no net, datst mar in jongfeintsje bist,
want oeral dêr't Ik dy hinne stjoer, silsto gean
en alles sizze wat Ik dy te sizzen jou.*

*8Do hoechst net bang te wêzen foar dy lju,
want Ik stean dy by om dy derút te rêden,
is de godsspraak fan de Heare.*

*9Doe stiek de Heare de hân út en rekke myn mûle oan; en de Heare sei tsjin
my:*

Sjoch, Ik jou dy myn wurden yn 'e mûle!

*10Ja, Ik jou dy hjoed-de-dei folmacht by de folken en de keninkriken,
om út te skuorren en del te heljen,
om te fernielen en te ferneatigjen,
om te bouwen en te plantsjen.*

Liet 361 : 1, 2, 3f, 4m, 5f, 6m, 7 'In stim is ta ús kommen'

Evangelielêzing Lucas 4, 21-30 (*lector*)

*21Doe begûn Er harren ta te sprekken: Dy tekst, dy't jimme noch yn 'e earen sit,
is hjoed wierheid wurden. 22Allegearre seinen se, dat Er tige sprutsen hie, en
se bearden wakker fan de skoandere wurden dy't Him út 'e mûle kommen wie-
nen. Se seinen: Is dat net dy soan fan Joazef?*

*23Hy sei tsjin harren: Jimme sille My grif mei it sprekwurd oankomme: Dokter,
meitsje josels better. Doch no ris, hjir yn jo eigen stêd, wat jo, nei't der sein
wurdt, allegear yn Kafarnaüm dien hawwe. 24Mar Hy sei: Dit sis Ik jimme: gjin
profeet is wolkom yn syn eigen berteplak. 25Sa is it: yn 'e tiid fan Elía, doe't de
loft yn gjin trije jier en seis moanne wetter joech en it yn it hiele lân slim hon-
gerlijen wie, wienen der yn Israel ferskate widdowen. 26Dochs waard Elía nei*

gjinien fan harren ta stjoerd, mar allinne nei in widdo te Sarepta yn 'e krite fan Sidon. ²⁷En yn 'e tiid fan profeet Elisa wienen der ferskate melaatsken yn Israel. Dochs waard gjinien fan harren suvere, oars net as Naäman de Syriër.

²⁸Doe't de minsken dy't yn 'e synagoge wienen, dat hearden, waarden se alle-gearre poerlik; ²⁹se sprongen oerein, jagen Him ta de stêd út en brochten Him nei de oerstekkende râne fan 'e berch dêr't har stêd op boud wie, mei it doel Him nei ûnderen te smiten. ³⁰Mar Hy rûn gewoan midden tusken har troch en gong syn wegen.

Liet 339a (akklamaasje) 'Jo komt de lof ta'

PREDIKING

Oargelspul

Liet 1005 : 1, 2, 5 'Langjend nei ljocht'

~ GEBEDEN EN JEFTEN ~

Ynformaasje oer de kollekte (itensbank)*

GEBEDEN, tankgebed, foarbea, stilte, 'Ús Heit'

Liet 691 'De Geast fan God waait as in wyn'

ZEGEN Amen (3x)

Banknummer kerk: Protestantse Gemeente Boksum-Blessum-Deinum

NL88RABO 0119 3579 41

***Banknummer Diaconie Terpoarte:** NL47RABO 0313 2001 81

NB Maandag 3 en 17 februari Leerhûs 19.30 in Ons huis. Voor deze activiteit is opgave nodig: activiteiten@terpoarte.nl

Zondag 9 februari Beyers Naudé koor en orkest 15.30 Sint Janskerk (entree €5)